

HOI

HÂNBOEK-YNK:

De ynklusive ûntwikkeling fan mearfâldige skriftlike taalfeardigens fan it jonge bern



CZEŚĆ!

KAIXO

MERHABA



In trijejierrich Erasmus+ KA2-gearwurkingsprojekt
foar skoalûnderwiis 2023-2026

Read with MEE
early multilingual literacy



Read with MEE

early multilingual literacy



ectoraat
Meertaligheid
en Geletterdheid



Trinity College Dublin
Coláiste na Tríonóide, Baile Átha Cliath
The University of Dublin



HEZKUNTZA, FILOSOFIA
ETA ANTROPOLOGIA
FAKULTATEA
FACULTAD DE EDUCACIÓN, FILOSOFÍA
Y ANTROPOLOGÍA



Research
Design
Impact⁺

It Read with MEE projekt is



Co-funded by
the European Union

Ynformaasje oer it Read with MEE projekt: www.readwithmee.eu

Ynformaasje oer dizze publikaasje: www.readwithmee.eu/handbook-inc

© Read with MEE 2026

In online ferzje fan dit wurk is publisearre op www.readwithmee.eu/handbook-inc ûnder in Creative Commons Open Access lisinsje CC-BY-NC-SA 4.0, dy't op 'e nij gebrûk, fersprieding en reproduksje yn elk medium foar net-kommersjele doelen tastiet, mits de oarspronklike boarne oanjûn wurdt, eventuele wizigings oanjûn wurde en it nije wurk ûnder deselde lisinsjebetingsten publisearre wurdt.

Gean nei www.creativecommons.org/licenses/by-nc-sa/4.0/ om in kopy fan dizze lisinsje te sjen.

Dizze publikaasje moat sitearre wurde as:

Nap, Laura, Doaa Abdul Hussain, Kathleen McTiernan, and Lorna Carson. (2026). Hânboek-YNK: De ynklusive ûntwikkeling fan mearfâldige skriftlike taalfeardigens fan it jonge bern. <https://www.readwithmee.eu/handbook-inc>

Twadde edysje maart 2026

ISBN 978-90-836750-0-8

Dizze oersetting is makke troch Siemone Zuidema, Ydwine Scarse, Odille Reitsma, en Martine Jansen fan it Fryske Akademy / Mercator tiim.

It Read with MEE Consortium is net ferantwurdlik foar it fuortbestean of sekuerens fan URL's foar eksterne of tredde partij websiden dêr't yn dizze publikaasje nei ferwiisd wurdt en garandearret net dat de ynhâld fan sokke websiden sekuer of passend is of bliuwt.

Meifinansiere troch de Europeeske Uny. De utere stânpunten en mieningen binne lykwols allinnich dy fan de auteurs en jouwe net needsaaklikerwize de stânpunten en mieningen wer fan de Europeeske Uny of it Nederlânske Nasjonale Agintskip Erasmus+.

Wy wolle elkenien betankje dy't by it ûntwikkeljen fan dit hânboek harren ekspertize en weardefolle feedback dield hat, wêrûnder Jim Cummins, Joana Duarte, Jasone Cenoz, Durk Gorter, Myrte Gosen, Christine Hélot, Diana Lindsay, Michel Vandebroek en Roel van Steensel.

Yntroduksje

Undersyk toant oan dat bern dy't thús in oare taal of talen prate as de skoaltaal faak ekstra tiid en stipe nedich hawwe om de skoaltaal te learen. Ek foar de ûntwikkeling fan de skriftlike taalfeardigens dêrfan is stipe nedich om op itselde nivo te kommen as harren klasgenoaten dy't allinnich de skoaltaal prate.

It kin dreech wêze om tagong te krijen ta ûndersyksresultaten of praktyske ynformaasje oer de effektyfste manieren om foarlêsaktiviteiten te stimulearjen en te hâlden mei en foar bern dy't meardere talen prate. Dit hânboek is skreaun foar folwoeksenen dy't wurkje mei jonge bern (fan 2 oant 6 jier) dy't meardere talen prate, wêrûnder learkrêften en meiwurkers yn 'e berne-opfang en it beukerûnderwiis. It is ek bedoeld foar âlden en fersoargers fan jonge bern. It presintearret wichtige ûndersyksresultaten yn begryplike taal, dielt nije ideeën út it ûndersyk en jout praktyske suggestjes foar yn 'e opfang, yn 'e klasse of thús.



In goed begjin mei lêzen en skriuwen op jonge leeftiid wurdt sjoen as in sterke yndikaasje foar takomstich sukses op skoalle. Foarlêze is in krêftige wize om de takomstige ûntwikkeling fan skriftlike taalfeardigens by jonge bern te stypjen.

IT HÂNBOEK BEHANNELET TRIJE ûNDERWERPEN:



Yn dit hânboek lizze wy wichtige ûndersyksresultaten út, diele wy praktyske stappen dy'tst fuort tapasse kinst en ferwize wy dy nei oare boarnen dêr'tst mear ynformaasje fine kinst.

Oan 'e ein fan it hânboek fynst in checklist dêr'tst de kwaliteit fan boeken foar jonge bern mei beoardielje kinst, plus ideeën foar aktiviteiten om boeken te lêzen mei meartalige bern.



Wichtige termen útlein

TERM	WAT DIZZE TERM YN DIT HÂNBOEK BETSJUT
Opfang en Underwiis foar Jonge Bern (OUJB)	Dizze term ferwiist nei pjutte-opfang, dei-opfang en groep 1 en 2 fan de basisskoalle.
Bern/learlingen	Wy rjochtsje ús op bern fan likernôch 2 oant 6 jier.
Learkrêften/ OUJB-professionals	Wy brûke dizze term om it personiel te beskriuwen dat wurksum is yn ynstellings foar opfang en ûnderwiis fan jonge bern.
Meartalich	Dizze term beskriuwt bern en folwoeksenen dy't yn harren deistich libben yn mear as ien taal kommunisearje kinne.
Thústaal	Dit is de taal dy't bern leare te praten wylst sy opgroeie, en dy't troch harren âlden of fersoargers brûkt wurdt. Wy meitsje yn dit hânboek in ûnderskied tusken dizze taal en de skoaltaal, ek al kinne dy foar guon bern itselde wêze.
Regionale of minderheids-taal	Dizze term wurdt brûkt om te ferwizen nei in taal dy't tradisjoneel yn in bepaalde regio en/of troch in minderheidsgroep foar in lange perioade binnen in bepaald lân brûkt wurdt.
Migranten en migrantetalen	De term migrant wurdt hjir brûkt om bern of folwoeksenen mei in migraasje-eftergrûn te beskriuwen. Mei oare wurden, wy beskriuwe folwoeksenen en harren bern dy't net opgroeid binne yn it lân dêr't sy op it stuit wenje. De term migrantetalen wurdt brûkt om de memmetalen fan folwoeksenen mei in migraasje-eftergrûn en harren bern te beskriuwen.
Skriftlike taalfeardigens	Mei de term skriftlike taalfeardigens doele wy op it fermogen om te lêzen en skriuwen. Dat omfettet technyske feardichheden lykas it lêzen fan wurden, mar ek iere foarmen fan skriuwen lykas tekenjen en kribeljen, en hoe't bern yn it algemien omgean mei skreaune tekst.



Meartaligens by jonge bern

Yn dit hânboek lizze wy út hoe't bern dy't meardere talen prate, dy leare te brûken. Wy lizze út hoe't wy dy meardere talen in plak jaan kinne en aktyf brûke kinne yn iere learomjouwingen. Wy sille ek yngean op it wichtige ferbân tusken it famyljelibben fan it bern en de opfang- of skoalomjouwing.

Wy definiearje 'meartaligens' as it fermogen om mear as ien taal te brûken om effektyf te kommunisearjen yn it deistich libben.

It giet om it **brûken** fan talen, net allinnich om dy te **behearskjen**. In bern hoecht in taal net perfekt te behearskjen om dy brûke te kinnen; it fermogen om te kommunisearjen is wat telt.

Negative opfettingen loslitte

Minsken hawwe te faak negative opfettingen oer de skoalprestaasjes fan bern dy't meardere talen prate. Sy sjogge de meartalige eftergrûn fan it bern as in obstakel foar it learen fan de taal dy't op skoalle brûkt wurdt.

As bern dy't thús in oare taal prate legere testskoares helje as bern dy't mar ien taal prate, jouwe minsken faak de thúsomjouwing de skuld. Sy wize dan bygelyks op faktoaren lykas it tal boeken dat de húshâlding hat of hoe goed oft harren âlden de taal sprekke dy't op skoalle brûkt wurdt. Sa'n negatyf perspektyf – ek wol 'deficit-tinken' neamd – leit de skuld by de meartalige húshâldingen sels. It fersterket skealike stereotypen, bygelyks troch te suggerearjen dat guon meartalige húshâldingen 'minder kultuer' hawwe of minder tagong hawwe ta middels lykas boeken of museumbesites. Dy stereotypen kinne as gefolch hawwe dat learkrêften legere ferwachtings hawwe fan meartalige bern en oars mei harren omgean.

De foardielen fan meartaligens

Undersyk hat oantoand dat dat negative perspektyf op meartaligens ûnterjochte is. It behearskjen fan meardere talen is just geunstich. It helpt bern om harren bewuster te wurden fan hoe't taal wurket (metalinguïstysk bewustwêzen) en ferbetteret harren tink- en probleemoplossende feardichheden (kognityf funksjonearjen).



“Neffens in wichtich idee dat troch professor Jim Cummins omskreaun wurdt as 'mienskiplike ûnderlizzende feardigens', kinne de kennis en feardichheden dy't in bern yn 'e iene taal opdocht, helpe by it lizzen fan de basis foar it learen en ûntwikkeljen fan in oare taal.”

Hoe't bern taal leare

De taalûntwikkeling fan bern, ek fan bern dy't meardere talen prate, ferrint yn fjouwer haadfazen. Hoewol't elk bern yn syn eigen tempo ûntwikkelet, jouwe dizze fazen ús in dúdlik byld fan hoe't bern leare. It is wichtich om te ûnthâlden dat de omjouwing fan it bern, lykas de belutsenens fan âlden en learkrêften, in tige wichtige rol spilet.

De fjouwer fazen fan taalûntwikkeling:



Faze 01

Dizze faze begjint al foar de berte!

Do wilst wierskynlik dat in poppe stimmen hearre kin yn 'e bûk, mar wistest dat sy ek ferskate lûden werkenne kinne? Undersikers hawwe ûntdutsen dat poppen dy't yn 'e bûk meardere talen hearre, dy nei harren berte ek echt werkenne kinne. Yn 'e earste moannen nei de berte begjinne lytse baby's lûden nei te dwaan, wat bekend stiet as brabbeljen.

Tsjin 'e ein fan harren earste libbensjier begjinne pjutten harren earste wurdjes te sizzen.

In bern dat meardere talen leart, sil yn dizze perioade faak wurden út dy ferskate talen trochinoar brûke. Harren útspraak is miskien noch net perfekt, omdat sy noch oan it oefenjen binne mei it brûken fan de mûlspieren en de tongspieren. Nei losse wurden begjinne sy koarte sintsjes te foarmjen, dy't stadichoan kompleksere wurde.

Faze 02

Faze 03

Yn dizze faze wurde bern folle better yn it ûnderskieden fan ferskate wurden en sinnen.

Sy begjinne taal korrek te brûken om te kommunisearjen, harren gedachten en gefoelens út te drukken troch te reagearjen, fragen te stellen en ynformaasje te dielen. Sy begjinne ek grammatika te learen, dat wol sizze dat sy begjinne mei it brûken fan meartalsfoarmen, it taheakjen fan útgongen oan wurden en it bûgen fan tiidwurdfarmen.

Yn 'e lêste faze groeit de wurdskat fan bern hiel fluch.

Sy litte in sterk begryp fan sinsbou sjen, kinne ferbannen lizze tusken ideeën en binne yn steat om in folslein ferhaal te fertellen. Sy begjinne ek it fermogen sjen te litten om de gefoelens fan oaren te begripen en te dielen, en toane empathy.

Faze 04



Ferskate wizen hoe't bern meartalich wurde

Bern kinne op twa wizen meartalich wurde, ôfhinklik fan wannear't sy de ferskillende talen begjinne te learen:



MEAR AS IEN TAAL TAGELYK LEARE

Guon bern wurde fan 'e berte ôf bleatsteld oan meardere talen tagelyk en groeie dêrmei op.

- Sy rinne de taalûntwikkelingsfazen tagelikertiid troch foar alle talen.
- Harren ôfsûnderlike taalsystemen wurde njonkeninoar ûntwikkele, mar binne altyd mei-inoar ferbûn troch in djipper kennissysteem – lykas konsepten en bylden – dat net oan ien fan dy talen bûn is.
- Dizze bern binne faak goed yn it folgjen fan de regels fan eltse taal en witte fan jonge leeftiid ôf ynstinktyf hokker taal oft sy by hokker persoan brûke moatte.

1



DE IENE TAAL NEI DE OARE LEARE

Oare bern leare harren earste taal fan harren berte ôf en en trochrinne alle ûntwikkelingsfazen yn dy taal foardat sy in twadde taal leare.

- Harren earste taalsysteem is dan al fierhinne foarme, dus benaderje sy de twadde taal troch de lins fan de earste.
- It is fan krúsjaal belang dat sy trochgean mei it goed ûntwikkeljen fan harren earste taal, omdat it in grutte ynfloed hat op hoe suksesfol oft sy de twadde taal leare.
- Fanwegen dy stevige basis ûntwikkelet de twadde taal him faak oars as de earste. Dêrby wurde soms in pear fan de ierste ûntwikkelingsfazen oerslein.

2

Faktoaren dy't fan ynfloed binne op it learen fan talen

Ferskate faktoaren kinne fan ynfloed wêze op hoe goed en hoe gau oft in meartalich bern syn talen ûntwikkelet:

Hoe ferskillend oft de talen binne

Wat grutter de ferskillen tusken de talen (de taalkundige ôfstân), wat útdaagjender it wêze kin.


Attitudes

De hâlding fan minsken oangeande de talen fan it bern en it plak dy't dy talen ynnimme yn 'e 'taalhiërargy' (oft de iene taal mear wurdearre wurdt as de oare) hawwe in grutte ynfloed op it bern.

Tagong ta boeken en lê- en skriuwaktiviteiten thús

Guon bern hawwe thús minder tagong ta boeken en lê- en skriuwaktiviteiten. Foarlêze oan jonge bern thús stipet harren lê- ûntwikkeling, harren sprutsen taal en harren ûnderwiisresultaten.

Hoewol't in soad fan dy faktoaren fêstlizze en net troch learkrêften of professionals feroare wurde kinne, binne der noch altyd in soad wichtige aspekten dêr't folwoeksenen yn iere learomjouwingen ynfloed op útoefenje kinne. Dy beskriuwe wy hjirûnder.



Wisto dat?

Wisto dat der seis talen binne yn 'e Keltyske taalfamylje?

Dat binne it Welsk, Iersk, Gaelysk, Bretonsk, Cornish en Manx.

Meardere talen brûke yn iere learomjouwingen



Hoewol't learkrêften hieltyd mear beseffe dat de thústaal fan in bern in weardefolle boarne foar it learen en in part fan harren identiteit is, jouwe in soad oan dat sy harren net goed taret fiele om om te gean mei it taalferskaat dat sy yn 'e klasse sjogge. It erkennen fan alle talen dy't jonge bern meibringe nei de klasse hat ferskate wichtige foardielen.

- **It stipet de taalfeardigens, it taalbewustwêzen en it selsfertrouwen fan meartalige bern.**
- **It kreëarret in tagonklike omjouwing dy't in iepen en nijsgjirrige hâlding oangeande ferskate talen by bern stimulearret.**

Ut it ûndersyk: In praktyk mei de namme 'translanguaging'

Wannear't meardere talen yn iere learomjouwingen brûkt wurde, is it wichtich om te witten dat aktiviteiten dêr't talen strikt skieden wurde – op grûn fan tiid, ûnderwerp of learkrêft – faak net oanslute by de fleksibele wize hoe't meartalige bern harren taalfeardigens op natuerlike wize brûke.

Translanguaging is in term dy't troch guon ûndersikers brûkt wurdt om de spontane, fleksibele taalgewoanten fan meartalige sprekkers te beskriuwen. Yn 'e iere bernejierren kommunisearje in soad meartalige bern op natuerlike wize yn meardere talen. Jonge bern dy't mear as ien taal kenne, minge harren talen op natuerlike wize wannear't sy prate, en sy kinne ek lichemstaal, gebaren en oare wizen brûke om sjen te litten wat sy bedoele.

De term 'translanguaging' komt fan it Welske wurd *trawsieithu*. De Welske pedagooch *Cen Williams* betocht de term. Oarspronklik ferwiisde it nei in ûnderwiisstraty yn Wales om de weroplibbing fan it Welsk te stypjen. Dêrby waard skeakele tusken de mearderheidstaal (Ingelsk) foar ynformaasje en de minderheidstaal (Welsk) foar aktyf gebrûk.

Wannear 't OUIB-learkrêften translanguaging brûke, dogge sy dat om de kommunikaasje te ferbetterjen en it learen, de taalûntwikkeling, de partisipaasje en it wolwêzen fan bern te stypjen. Sy brûke it ek om de taalfeardigens en identiteit fan bern te

wurdearjen. Om dat te berikken, brûke sy strategyen lykas oersetten, oerskeakelje nei de thústaal fan it bern, de wurden fan in bern yn twa talen werhelje, bern helpe om foar inoar oer te setten en gebrûk meitsje fan ferskate soarten kommunikaasjemiddels. Dizze praktiken soargje foar mear ynteraksje tusken learkrêft en bern, en learkrêften leare sels ek fan de oare talen fan harren learlingen, wat helpt om positive relaasjes op te bouwen. Troch bern oan te moedigjen om mei te dwaan oan petearen yn 'e klasse wurdt harren belutsenens grutter makke, wat de ûntwikkeling fan iere lê- en skriuwfeardigens stipet.

Wisto dat?

Ferbinings lizze tusken talen

Wisto datst better learst troch ferbannen te lizzen tusken talen, yn stee fan talen skieden te hâlden? It wurk fan ûndersikers yn it Baskelân, professor Jasone Cenoz en professor Durk Gorter, toant oan dat it brûken fan twa of mear talen yn deselde klasse in pedagogyske strategy is dy't in djipper begryp fan alle ferskate talen dy't in bern yn 'e macht hat befoarderet.

Talen sjen as eat dat isolearre en apart holden wurde moat, komt net oerien mei de manier hoe't jonge meartalige bern talen werklik brûke as helpmiddel.

De ûndersyksgroep DREAM (Donostia Research Group on Education and Multilingualism) oan de Universiteit fan it Baskelân is wrâldlieder yn it ûndersyk nei hoe't bern en jongerein meardere talen tagelyk leare.

Harren ûndersyk bestrykt gâns aspekten fan meartalich ûnderwiis, lykas taalfeardigens, learplannen en ûnderwiispraktiken. In wichtich oandachtspunt is pedagogyske translanguaging, in ûnderwiisoanpak dy't de tradisjonele regel fan 'mar ien taal' yn 'e klasse ta diskusje stelt.

Yn stee dêrfan ûntwerpe learkrêften aktiviteiten dy't learlingen oanmoedigje om alle talen dy't sy behearskje te brûken. Dêrby sette sy harren memmetaal of sterkere talen yn om it learen fan nije talen te stypjen. By pedagogyske translanguaging bouwe learkrêften bewust in brêge tusken de ferskate talen yn 'e klasse en de talen

dy't de learlingen behearskje om de resultaten te stypjen en te ferbetterjen.



Ferskate learmooglikheden

Spitigernôch krije ientalige en meartalige bern net altyd deselde learmooglikheden yn OUIB-omjouwingen, omdat folwoeksenen op in oare wize mei harren omgean – meastal ûnbewust. Undersyk toant bygelyks oan dat beukerklassen dy't harren rjochtsje op it ûnderwizen fan Nederlânsk as twadde taal (NT2), mear dosintrjochte binne en minder ynteraksje tusken learlingen kenne as reguliere beukerklassen, dêr't in soad ynteraksje tusken bern de noarm is. Yn guon NT2 beukerklassen bringe nijkommers likernôch in tredde fan harren tiid troch sûnder ynteraksje mei leeftiidsgenoaten, yn tsjinstelling ta reguliere ynstellings.

Ferskillen yn 'e ynteraksje tusken learkrêft en bern binne ek sichtber yn it soarte fan stipe dat bern krije. Learkrêften ferienfâldigje fragen foar meartalige bern faak troch it tal mooglike antwurden te beheinen, wylst sy ientalige bern mear hints jouwe sadat sy sels it antwurd betinke kinne.

Meartalige learlingen dogge faak minder aktyf mei oan aktiviteiten yn sawol lytse as grutte groepen. Dat kin in gebrek oan selsfertrouwen oanjaan, mar kin ek eat sizze oer de wize hoe't learkrêften en fersoargers mei harren omgean.

Dr Máire Mhic Mhathúna hat wiidweidich ûndersyk dien nei naíonrasinen (lersktalige beukerskoallen). Op basis fan harren ûndersyk nei jonge bern yn iere learomjouwingen advisearret sy:

- brûk rike ynteraksjes dy't betsjutting hawwe, lykas it op 'e nij fertellen fan ferhalen
- brûk spul en deistige rûtines, lykas it ritueel foar it middeisiten, om bern rike ynput te jaan.

Meimekoar helpe sokke aktiviteiten bern om aktiver diel te nimmen oan in omjouwing dêr't in twadde taal yn praat wurdt.

Harren ûndersyk lit sjen dat folwoeksenen jonge bern helpe kinne om sterkere taalfeardigens te ûntwikkeljen troch harren te rjochtsjen op spontane taalmominten yn deistige situaasjes, lykas it oanlûken fan jassen, en ek op doelrjochte en stipjende aktiviteiten.



It belang om bern prate te litten

Undersyk yn Nederlânske beukerklassen lit sjen dat learkrêften sels binnen ien klasse net alle learlingen deselde kânsen biede om djipper en wiidweidiger te praten. Wiidweidige of ferkennende petearen jouwe bern mear kânsen om aktyf mei te dwaan. Dat stimulearret sawol harren belutsenens as harren learproses. As wy spesifyk sjogge nei foarlêzen, sjogge wy dat wannear't learkrêften wiidweidich reagearje op 'e ynteraksjes fan bern by it foarlêzen, bern yn steat binne om ideeën út te lizzen, ferbannen te lizzen en lûdop te tinken. Sy wurde aktivere dielnimmers yn 'e klasse en tinke nei oer dingen dy't fierder geane as wat der direkt yn it boek bart. In evaluearjend petear wurket faak oars. Dêrby reagearret de learkrêft op 'e opmerkings of antwurden fan in bern mei in oardiel lykas 'Ja, dat kloppet', 'Goed dien', of 'Nee, dat is it net'. Sokke reaksjes slute it petear faak ôf. Dat hinderet bern om fierder út te lizzen of fierder nei te tinken, wat de mooglikheden foar djipper taalgebrûk beheint.



	Utwreidzjend Petear	Evaluearjend Petear
Haaddoel	Bern helpe djipper nei te tinken oer it ferhaal en mear te praten	Kontroleearje oft it antwurd fan in bern goed of ferkeard is
Opmerkings Learkrêft	Nijsgjirrich, bemoedigjend, bern útnûgje om ideeën te dielen.	Koarte opmerkings, befêstigjen of korrizjearjen
	"Wêrom tinkst dat dat bard is?" "Wat tinkst dat der no barre sil?" "Hoe fielst dy dêr oer?" 'Fertel ris wat mear?"	"Ja, dat kloppet." "Nee, net hielendal." "Goed dien."
Bernepraat	Mei langere antwurden — útlizze, riede, fantasearje, it ferhaal ferbine mei de bûtenwrâld en harren eigen libben.	Mei koarte antwurden, faak mar ien wurd.
Aard fan 'e ynteraksje	In hinne-en-wer-petear dêr't ideeën grutter en dúdliker yn wurde.	In koarte útwikseling dy't meastal ophâldt nei it antwurd fan de learkrêft.
Hoe't it helpt	Fergruttet de wurdskat, ferbyldingskrêft, begryp fan ferhalen en selsfertrouwen by it praten.	Helpt harren feiten te kontrolearjen, mar stimulearret harren tinkfermogen net.
Foarbyld	It boek lit in knyn sjen: "Wêrom tinkst dat de knyn ferdwaald is? Wat op it plaatsje wiist dêrop?"	"Wat foar bist is dit?" "Ja, it is in knyn."

Relaasjes mei âlden/fersoargers en UOJB-personiel

Bern dy't kulturele kontinuïteit ûnderfine (oerienkomsten yn taal, kultuer en perspektiven tusken harren thús en skoalle) prestearje faak better as bern dy't tsjinstridichheden of grutte ferskillen ûnderfine (kulturele diskontinuïteit). Wannear't thús en op skoalle gebrûk makke wurdt fan deselde taal- en kulturele eftergrûn, ferbetteret dat de kommunikaasje en it begryp fan wjerskanten tusken âlden en personiel. Sels as der gjin mienskiplike taal is, kin it personiel wurkje om meartaligens te omearmjien en te kommunisearjen mei âlden dy't in minderheidstaal prate, bygelyks troch ienfâldige deistige begroetingen te brûken. Sokke praktiken helpe kulturele kontinuïteit te befoarderjen en komme bern te'n goede.

Troch âlden en bern te freegjen nei ynformaasje oer harren deistige rûtnes thús of nei wurden en útdrukkingen yn harren memmetaal, litst in iepen hâlding sjen oangeande de kultuer fan it bern. Dat stelt bern net allinnich gerêst en lit harren sjen dat harren taal wurdearre wurdt, mar stipet ek harren learproses troch fuort te bouwen op harren besteande bûtenskoalske kennisboarnen.

In sterke gearwurking tusken âlden en meiwurkers yn iere learmjouwingen is essinsjeel foar de ûntwikkeling en it wolwêzen fan in bern.

Bûtenskoalske kennisboarnen, of *funds of knowledge*, ferwiist nei de ûnderskate kennis, feardichheden en ûnderfinings dy't in húshâlding opdocht troch harren kultuer en skiednis. Learkrêften dy't it 'hieie bern' sjogge en harren ferskate rollen en aktiviteiten bûten skoalle erkenne, kinne it learen better fasilitearje. Dy oanpak stelt learkrêften yn steat om de kulturele en histoaryske basis fan it gesinslibben fan in bern te begripen, wat liedt ta nije en kreative ûnderwiisstrategies. It giet yn wêzen om it kreëarjen fan partnerskippen foar ûnderwiis dy't de eftergrûn en yntelliginsje fan de learling respektarje.

As learkrêften in *funds of identity*-oanpak hantearje – dêr't sy bern fragen by stelle oer aspekten fan harren identiteit, bygelyks troch foto's te dielen of identiteitsrelatearre foarwerpen te meitsjen – reitsje learlingen mear belutsen en fertoane sy in bettere learhâlding. Dy oanpak ferbetteret ek harren gearwurkingsfeardichheden mei leeftiidsgenoaten.



‘Tredde romten’ foar meartalige bern

Underwizers kinne it kreëarjen fan in ‘tredde romte’ yn ‘e klasse stimulearje, dêr’t talen net as aparte entiteiten sjoen wurde, mar as in fleksibele en kreative wize fan kommunisearjen troch meartalige sprekkers. Dat kin in feilige romte kreëarje foar meartalige bern, dêr’t harren eigen wize fan taalgebrûk normaal is.

It fleksibel brûken fan alle talen kin helpe om de kleau tusken thús en skoalle te oerbrêgjen troch gebrûk te meitsjen fan alle taal- en kultuerkennis dy’t bern hawwe.

Wannear’t dy akseptaasje normalisearre is yn ‘e klasse, kinne bern harren folsleine taalfeardigens brûke as sy oer persoanlike saken lykas foto’s of tekeningen prate. Om sa’n feilige taalomjouwing te kreëarjen, moat it personiel rekken hâlde mei de ûnderfiningen fan alle bern, net allinnich dy fan de bern dy’t de mearderheidstaal prate, sadat elke learling syn of harren kennis en kommunikaasjefeardichheden brûke kin om te learen.

In sterke gearwurking mei âlden opbouwe

Alden moatte aktyf belutsen wurde by it ymplementearjen fan meartalige praktiken. Dat kin troch gearkomsten te organisearjen om ynformaasje oer meartaligens te dielen, diel te nimmen oan foarlêssaktiviteiten yn ‘e klasse, of simpelwei âlden om oersettingen te freegjen wannear’t

dat nedich is. Sokke partnerskippen bringe machtsferhâldingen mei: it personiel hat autoriteit yn ‘e klasse, mar âlden hawwe mear ynfloed dêrbûten. Undersyk toant sels oan dat de belutsenens fan âlden thús in wichtige faktor is foar it sukses fan in bern op skoalle. Fertrouwen is ek krúsjaal, omdat âlden harren bern tafetrouwe oan professionals. Om in goede relaasje opbouwe te kinnen, moatte sawol âlden as personiel harren bewust wêze fan dy machtsferhâldingen en harren ferwachtingen fan wjerskanten oangeande harren rollen.

Ut in ûndersyk yn België die bliken dat meartalige âlden dy’t in minderheidstaal praten oer it algemien in soad fertrouwen hiene yn en goed kommunisearren mei it personiel yn iere learomjouwingen. Mar út it ûndersyk die ek bliken dat it personiel yn iere learomjouwingen selden oare talen as de mearderheidstaal brûkte en âlden meastal net frege om wurden yn harren thústaal.

Wannear’t pedagogysk personiel net iepenstiet foar de kultuer en taal fan âlden, kin dat op ferskate wizen skealik wêze. In gastfrije en iepen hâlding oangeande ferskate talen en kultueren is net allinnich geunstich foar it wolwêzen en it learen fan bern, mar ek foar it opbouwen fan sterke bannen mei âlden.

In relaasje fan wjerskanten is essinsjeel: meiwurkers moatte net allinnich as saakkundigen optrede, mar sy moatte ek fan âlden leare en harren erkenne as saakkundigen op it mêd fan harren eigen bern. Sa’n edukative partnerskip stipet it learen en de partisipaasje fan bern op skoalle en kin helpe om ûngelikensens te ferminderjen.

Wichtichste ideeën



Meartaligens betsjut mear as allinne meardere talen kenne; it giet derom dy talen aktyf te brûken yn it deistich libben. It fleksibel brûken fan alle talen dy't in bern behearsket, is in krêftich learmiddel.

It helpt it personiel om de kommunikaasje te ferbetterjen, it learproses te ferrykjen en it folsleine skala oan taalfeardigens en identiteiten fan bern oprjocht te erkennen. It yntegrearjen fan meartaligens hâldt yn dat de wearde fan alle talen erkend wurdt, dat fleksibele wurkwizen lykas translanguaging brûkt wurde en dat der sterke bannen tusken thús en skoalle kreëarre wurde.

Bern leare talen yn fjouwer fazen. Bern dy't fan harren berte ôf meardere talen tagelyk leare, rinne dy fazen foar alle talen tagelyk troch. Bern dy't talen efterinoar leare, geane dy apart troch. De ûntwikkeling wurdt beynfloede troch saken lykas hoe ferskillend de talen binne, de famylje-eftergrûn, attitudes en hoe't minsken tsjin dy talen oansjogge.

Meartaligens omearmje is goed foar elk bern. It stipet net allinnich de taalfeardigens fan in bern, mar ferheget ek syn of harren selsfertrouwen en taalbewustwêzen en stimulearret in iepen hâlding oangeande taalferskaat.

In sterke gearwurking tusken âlden en meiwurkers yn iere learomjouwingen is essinsjeel foar de ûntwikkeling en it gelok fan in bern. In iepen en gastfrije hâlding oangeande ferskate talen en kultueren fersterket de relaasje mei âlden en ferrikt de learûnderfinings en lêsuontwikkeling fan bern. Wannear't der sprake is fan kulturele kontinuïteit (oerienkomsten yn taal, kultuer en eftergrûn tusken thús en skoalle, draacht dat by oan begryp en fertrouwen fan wjerskanten.

In bûtenskoalske kennisboarnen-oanpak hâldt yn dat de unike kennis, feardichheden en ûnderfinings dy't in bern bûten skoalle opdocht, wurdearre wurde. Dat smyt dan wer ideeën op foar ûnderwiisstrategyen dy't fuortbouwe op 'e ynteresses fan it bern.

Praktyske wizen om meartalige bern te stypjen

Wichtichste punten

Bring oare talen yn 'e learomjouwing. Brûk ferskes, rymkes en ferhalen yn oare talen as de haadtaal fan de skoalle. Dat jout in dúdlik sinjaal dat alle talen weardefol binne foar it learen.

Jou les en kommunisearje de hiele dei troch, net allinne by spesjale taallessen. Brûk talen by it iten, oergongen en it frij boartsjen.

Jou bern in feilige romte om harren talen op harren eigen wize te brûken. Moedigje spul, keunst en drama oan dêr't bern op natuerlike wize skeakelje kinne tusken talen sûnder beheind te wurden ta mar ien taal.

Gebrûk en stean it brûken fan alle talen ta om harren sichtberens en status yn 'e klasse aktyf te befoarderjen, sels op ienfâldige wizen.

In pear suggestjes foar meiwurkers fan OUJB en âlden/fersoargers om in ynklusive en stypjende taalomjouwing te kreëarjen.

HOI

CZEŚĆ!

DIA DUIT

KAIXO

MERHABA

Wisto dat?

Wisto dat it Baskysk de âldste libbene taal fan Europa is? It heart net ta in taalfamylje lykas de oare talen dy't yn Europa praat wurde, en de oarsprong derfan is ûnbekend. It stiet bekend as in 'isolearre taal'. Twatalige sprekkers fan it Baskysk en it Spaansk prate dus twa talen dy't tige útinoar rinne.

Fokus op kommunikaasje en petearen

Lit hoe't bern no al kommunisearje net links lizze. Tink om harren gebaren, muzyk en byldmateriaal, yn stee fan dy allinnich te rjochtsjen op 'e mûnlinge of skriftlike skoaltaal. Soargje derfoar dat alle bern, wat harren taalfeardigensnivo fan de wichtichste skoaltaal ek is, tagong hawwe ta learmooglikheden. Lit bern harren útdrukke yn elke taal, mar ek mei gebaren, tekeningen en oare non-ferbale kommunikaasje.

Meitsje gebrûk fan 'útwreidzjende petearen'. Stel djipgeande fragen dy't de lesynhâld ferbine mei de persoanlike ûnderfiningen en kennis fan de bern, en moedigje harren oan om mei harren leeftiidsgenoaten te kommunisearjen en ideeën te bepraten. Brûk strategyen dy't alle bern oanmoedigje om mei te dwaan oan petearen. Dat omfettet it stellen fan iepen fragen, it bieden fan stipe, it jaan fan in protte foarbylden en it jaan fan nuttige feedback. Stypje meartalige bern mei spesifike strategyen, lykas oersetse, oerskeakelje nei harren thústaal, grammatika yn beide talen korrizjearje wannear mooglik, of taalbuddy-partnerskippen krearje.

Gearwurking thús en skoalle

Stypje de kontinuïteit en de bân tusken thús en skoalle. Brûk wêr mooglik de thústaal fan bern, freegje âlden om oersettingen of nûgje âlden út om lêskaktiviteiten yn 'e thústaal te lieden. Bou in positive relaasje op mei húshâldingen troch in iepen, positive blik op meartaligens en multykulturalisme te hantearjen.

Freegje âlden en fersoargers hokker talen bern thús prate. Wurkje oan in relaasje fan wjerskanten troch âlden te freegjen hokker aktiviteiten it efektyfst binne foar harren bern en dy wêr mooglik ta te passen. Belûk âlden aktyf by it proses. Praat mei harren oer de talen fan harren bern, meitsje in poster of helpdesk foar meartalige famyljes, nûgje âlden geregeldwei út om twatalige ferhalen foar te lêzen en freegje âlden om te helpen mei oersettings foar it persoanlik.

Lêze en skriuwe yn iere learomjouwingen



Dit part fan ús hânboek rjochtet him op hoe't jonge bern harren iere lês- en skriuwfeardigens ûntwikkelje yn ús moderne, mediarike wrâld (mearfâldige skriftlike taalfeardigens; sjoch *multiliteracy*).

Wy sille ek sjen nei hoe't it lêzen fan boeken - ynklusyf digitale boeken - ynteraktyf en ynklusyf makke wurde kin yn OUIB-omjouwingen.



Read with MEE

iere meartalige lêsefeardigens

Iere meartalige skriftlike taalfeardigens

Ut sosjaal eachpunt wei leare jonge bern lêzen en skriuwen troch harren omjouwing te observearjen en te sjen hoe't folwoeksenen en âldere bern skreaune teksten meitsje en dermei omgean. Ek sosjale en ekonomyske faktoaren spylje in rol by de iere ûntwikkeling fan de skriftlike taalfeardigens fan in bern. Undersyk toant bygelyks oan dat learkrêften somtiden minder belutsenens fan âlden ferwachtsje yn famyljes mei in leger ynkommen.

In effektive wize om taalfeardigens yn OUJB-klaslokalen te stypjen, is troch alle talen sichtber te meitsjen fia posters, boeken, stickers, labels en ôfbyldingen. Sa wurdt it ferskaat oan taaloanbod fertsjintwurdige en wurdt de omjouwing foar elk bern en elke famylje tagonkliker en ynklusiver.

Hoe't skriftlike taalfeardigens begjint

De earste stappen fan in bern dat op wei is nei lêzen en skriuwen binne krassen en tekenjen. Bern leare dêrnei stadichoan yn trije fazen betsjutting ta te kennen oan dy tekens.



Petearen oer dy krabbels, tekeningen en iere teksten binne krúsjaal foar bern om selsfersekere 'brûkers' te wurden fan de lê- en skriuwpraktiken dy't yn harren omjouwing gebrûklik binne.

It paad nei iere skriftlike taalfeardigens is foar meartalige bern deselde as foar bern dy't mar ien taal prate. De wize hoe't skreaune teksten thús of yn 'e mienskip brûkt wurde, kin lykwols ferskille. Dat kin soms ta in probleem liede: lêze en skriuwe yn 'e skoaltaal kin assosjearre wurde mei 'learen', wylst lêzen en skriuwen yn 'e thústaal net op deselde wize sjoen wurdt en in legere status krijt.

In gefolch dêrfan is dat meartalige bern mear swierrichheden ûnderfine kinne as harren leeftiidsgenoaten, omdat sy net alle taalmiddels brûke meie dy't sy ta harren beskikking hawwe om lê- en skriuwopdrachten te begripen en út te fieren. It is dêrom wichtich om ek net-skoalske teksten te wurdearjen – lykas it lêzen fan buorden yn 'e mienskip, it skriuwen fan boadskiplistkes of it brûken fan sosjale media – sadat alle bern harren folsleine kapasiteiten sjen litte kinne.

Undersikers stelle dat lêzen en skriuwen net as aparte kategoryen beskôge wurde moatte, mar as oerlaapjende en ûnderling ferbûne feardichheden. Dat helpt om meartalich taalgebrûk better te begripen as wannear't ienfâldige tsjinstelde konsepten brûkt wurde (lykas lêzen fersus skriuwen).

Digitale helpmiddels foar de ûntwikkeling fan iere skriftlike taalfeardigens



Witsto dat lêsaaktiviteiten mear wêze kinne as allinnich mar foarlêzen? Der binne in soad oare wizen fan kommunisearjen, lykas oanwize, ferskate stimmen brûke, gesichtsútdrukkingen en dingen neispylje.

Dêrom kinne digitale helpmiddels lykas audioboeken en apps in poerbêste wize wêze om de lêsuûntwikkeling te stypjen. Digitale helpmiddels kinne sels in part fan de rol fan folwoeksenen by it foarlêzen oernimme. In voice-over kin bygelyks fragen stelle by it ferhaal of feedback jaan op mearkarfragen. Hoewol't apps en digitale helpmiddels de rol fan folwoeksenen by it foarlêzen fan bern net folslein ferfange kinne, kin it brûken fan technology yn it ûnderwiis in tige effektive wize wêze om de iere lês- en skriuwfeardigens fan bern te stimulearjen. Om't jonge bern fan natuere in soad ferskate wizen brûke om te kommunisearjen en dingen te begripen, kinne digitale helpmiddels in stimulearjende wize wêze om it learen fan talen yn 'e iere bernejierren te stypjen.

Kompjûter- en mobile apps meitsje diel út fan it deistich libben fan jonge bern. As dy op in goede wize brûkt wurde, dan kinne dy apps in geweldige en leuke manier wêze foar bern om te learen. Yn digitale apps sitte ynteraktive eleminten, lykas lûden, plaatsjes en animaasjes. Apps dy't kreativiteit en gearwurking stimulearje, kinne bern helpe om gau harren wurdskat út te wreidzjen en te kommunisearjen.

Wisto dat?

In meartalige blik op it Iersk

- De Ierske taal, yn it Iersk *Gaeilge* neamd, is in Keltyske taal dy't yn hiel Ierlân praat wurdt. It is besibbe oan it Skotsk-Gaelysk en it Manx (sprutsen op Isle of Man).
- It Iersk is de earste offisjele taal fan Ierlân, mei Ingelsk as twadde offisjele taal. Iersk is ek in offisjele wurktaal fan de Europeeske Uny. Nettsjinsteande syn offisjele status is it Iersk lykwols in bedrige minderheidstaal, mei in delgeand tal sprekkers bûten it ûnderwiis.
- Iersk is ferplichte op skoallen yn Ierlân foar bern fan 6 oant 16 jier. Sawat 40% fan 'e befolking praat in bytsje Iersk. Mar ien op 'e tsien minsken dy't Iersk prate, seit de taal tige goed te behearskjen.
- Ut de meast resinte folkstelling fan Ierlân yn 2022 die bliken dat krekt wat mear as 70.000 minsken deistich Iersk prate bûten skoalle. Dat is ûngefear 1,4% fan de totale befolking.
- It tal Iersktalige skoallen en beukerskoallen nimt ta en der is in soad belangstelling foar it learen fan it Iersk, sawol online as yn mienskiptsferbân. De oerheid set har yn om fan it Iersk in libbene taal te meitsjen yn stee fan allinnich in skoaltaal.
- *Naíonraí* binne Iersktalige beukerskoallen foar bern ûnder de 6 jier. Sy rjochtsje harren op 'e holistyske ûntwikkeling fan it bern troch te boartsjen. *Stiúrthóirí* (beoefeners) prate allinnich Iersk om de taalfeardigens fan sawol memmetaal-sprekkers as net-memmetaalsprekkers te ûntwikkeljen. Der wurdt in folslein ûnderdompelingsmodel brûkt om in libbene taalomjouwing te kreëarjen. Sûnt de earste *Naíonra* yn 1968 oprjochte waard, binne der sa'n 325 Iersktalige beukerskoallen iepene en dat oantal wurdt hieltyd heger.



Digitale ferhaleböeken presintearje ynformaasje op ferskate wizen tagelyk – fia tekst, audio, ôfbyldingen en animaasjes – en kinne it taalbegryp fan bern stimulearje.

Wat makket in goed digitaal boek?

- Ynteraktive funksjes, lykas animaasjes dy'tst sels aktivearje kinst of koarte spultsjes, kinne it begryp befoarderje salang't dy it bern net ôfliede fan it ferhaal. As in bern tefolle opsjes hat, lykas siden omslaan, animaasjes aktivearje en spultsjes spylje, rekket it bern wierskynlik ôflaat.
- It is wichtich dat alle ûnderdielen fan in digitaal boek direkt bydrage oan it ferhaal. Böeken mei stypjende, yntegrearre bylden en lûden (yn stee fan lossteande) helpe bern ynformaasje te ferwurkjen sûnder oerweldige te reitsjen. Dy ferbetterje it wurdskatgebrûk fan bern, lykas harren begryp en heugenis fan it ferhaal.
- Sels digitale ferhaleböeken mei minimale ekstra funksjes liede ta ferlykbere resultaten op it mêd fan begryp en ûnthâld as it lêzen fan fysike böeken.
- Undersikers hawwe ûntdutsen dat de ynteraktive eleminten fan digitale ferhaleböeken de belutsenens fergrutsje troch bern mear kontrôle te jaan. Sa wurde sy oanmoedige om in aktive rol te spyljen by it mienskiplik lêzen.

Audioböeken binne in oar digitaal helpmiddel dat iere taalûntwikkeling stypje kin.

- Audioböeken biede in handich en tagonklik platfoarm, benammen foar jongere bern. Dêrby wurdt harkjen kombinearre mei oare aktiviteiten, lykas fysike reaksjes op it ferhaal (springe, swaaie, dûnsje).
- Undersyk toant oan dat bern ferhalen op deselde wize begripe, oft sy dizze no hearre of lêze. Wannear't in ferhaal tagelyk lêzen en heard wurdt, kin dat it begryp fergrutsje.
- Oare foardielen fan audioböeken binne dat sy bern helpe by it learen fan de útspraak fan wurden en dat sy harren konsintrearje kinne op it ferhaal sûnder ôflaat te wurden troch harren lêsfeardigens. Hoewol't guon audioböeken as 'falskspylje' beskôgje omdat de ferteller foar de learling lêst, binne sy feitliken in weardefolle oanfolging op elk lêsprogramma, thús of yn 'e klasse.



TOP TIP!

Besykje om it audioböek ris te kombinearjen mei in papieren eksimplaar fan it boek yn 'e klasse. De webside prentenboekeninalletalen.nl biedt fergees audioböeken yn ferskate talen oan.

Opkommende technologyen

- Augmented Reality (AR) is in ynteraktive ûnderfining, mei help fan in kompjûter of apparaat, dy't de fysike wrâld ferriktet mei kompjûter-generarre bylden. Ferhaleböeken mei AR stimulearje de autonomy fan bern troch harren wat kontrôle te jaan oer de lêsunderfining en stimulearje harren belutsenens en learresultaten troch ynteraktyf lêzen.
- Keunstmjittige yntelliginsje (AI) is ien fan de nijste digitale helpmiddels dy't iere taalûntwikkeling stypje kin. It ûndersyk op dat mêd is lykwols noch beheind en rjochtet him benammen op AI-feardigens (it begripen fan en omgean mei AI) yn stee fan hoe't AI taalfeardigens ûntwikkelje kin. AI-helpmiddels misse faak de feilichheidsfoarsjennings dy't nedich binne foar jonge bern. It is lykwols wierskynlik dat der nije, foar de leeftiid geskikte AI-helpmiddels ûntwikkele wurde sille om de skriftlike taalfeardigens fan jonge bern te stypjen.

Ynteraktyf foarlêze yn iere lear-omjouwings

It foarlêzen fan boeken is in wichtige aktiviteit foar de iere ûntwikkeling fan lêzen en skriuwen fan in bern, sawol thús as op skoalle. It helpt bern om nije wurden te learen, harren begryp fan ferhalen te ferbetterjen (begripend lêzen) en mear ynteresse yn lêzen te krijen (belutsenens).

Stúdzjes toane oan dat ynteraksje tusken in folwoeksene (learkrêft, âlder of fersoarger) en in bern by it lêzen fan in boek de taalûntwikkeling fan it bern oanmerklik stimulearret omdat harren wurdskat en kennis fan skreaune teksten dêrtroch fergrutte wurdt.

Ynteraktyf lêzen krearret in unike omjowwing foar bern om harren mei in boek dwaande te hâlden. Bern wurde frege om it ferhaal te ferbinen mei harren eigen libben, nei te tinken oer wat der dan barre kin of konklúzjes te lûken oer de plot.

De foardielen fan digitale boeken



Digitale boeken kinne nuttich wêze foar bern dy't de taal fan de klasse noch oan it learen binne. Multymediafunksjes - benammen dy't wurden oan ôfbyldingen keppelje - helpe bern om harren in mentaal byld fan it ferhaal te foarmjen, sadat it makliker te begripen is.

Fragen stelle en it bern by in petear belûke binne effektiver foar it learen fan talen as allinnich mar spesifike wurden oanwize. Oare goede strategyen, rjochte op ynteraksje en dialooch, binne ûnder oaren:

- Iepen fragen stelle
- Opmerkingen meitsje dy't it bern oanmoedigje om te reagearjen
- Positive feedback jaan
- It ferhaal keppelje oan it echte libben fan it bern

Wisto dat?

Wisto dat der yn Europa 84 regionale minderheidstalen erkend wurde, dy't troch 209 mienskippen praat wurde?

Dy talen wurde troch lannen erkend fia it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen.

Dr. Myrte Gosen's wurk rjochtet harren op hoe't jonge bern taal leare en begripe ûnder it meimekoar lêzen. Sy lit sjen dat it net allinnich giet om it lêzen fan de wurden op 'e side, mar ek om hoe't learkrêften en bern meimekoar omgean, oer it ferhaal prate en it meimekoar diele.

Dy ynteraksjes helpe bern begryp op te bouwen, konsepten te ûntwikkeljen en mear selsfertrouwen te krijen yn taal. In wichtige befining út har ûndersyk is dat bern mear leare as sy aktyf dielnimme oan diskusjes oer it ferhaal, yn stee fan allinnich passyf te harkjen. Wannear't learkrêften bygelyks iepen fragen stelle oer de plaatsjes, foarfallen yn it ferhaal of de gefoelens fan de personaazjes, hawwe bern earder oanstriid om ideeën meimekoar te ferbinen, nije wurden te brûken en in djipper begryp fan it ferhaal te ûntwikkeljen. Dat toant oan dat ynteraktive lêsstrategyen yn 'e klasse of thús tapast wurde kinne om de iere taal- en lêsûntwikkeling te stypjen.

Dr Gosen's ûndersyk toant oan dat de magy fan in boek ûntstiet yn 'e 'petearen' deromhinne. It giet net allinnich om de wurden op 'e side, mar ek om hoe't folwoeksenen en bern meimekoar omgean.

In goede manier om soks te dwaan is troch efkes stil te stean en nei te tinken. Troch efkes stil te stean en lûdop nei te tinken oer de gefoelens fan in personaazje of in frjemde ôfbylding, kreëarje wy romte foar it bern om te praten. Dêrtroch feroarje sy fan passive harkers yn aktive fertellers. As bern aktyf dielnimme oan it petear, leare sy net allinnich nije wurden, mar bouwe sy ek it selsfertrouwen op om de wrâld om harren hinne te begripen en harren dermei te ferbinen.

Wêrom't ynteraktyf lêzen wurket

It stellen fan iepen fragen, it folgjen fan de ynteresses fan it bern en it werheljen en útwreidzjen fan wat it bern seit, hawwe in tige posityf effekt op harren taal-, lês- en tinkfeardichheden.

Ynteraktyf lêzen helpt bern ek by it ûntwikkeljen fan harren sosjaal-emosjonele feardichheden, lykas it fermogen om ferskate stânpunten en de gefoelens fan oaren te begripen.

Learkrêften kinne ynteraktyf lêzen stimulearje troch de thústalen fan bern derby te belûken. Sa kinne learkrêften âlden freegje om nei de klasse te kommen en meimekoar foar te lêzen. Dan lêst elke folwoeksene itselde diel fan it ferhaal foar yn in oare taal. It brûken fan audioboeken of digitale boeken yn oare talen kin meartalige bern ek helpe om it haadferhaal better te begripen.

In oare weardefolle praktyk is buddy-lêzen. Aldere en jongere bern lêze en besprekke dan boeken meimekoar. Dat stimulearret de taalûntwikkeling en wurdskat mei sosjale ynteraksje en spul, wylst it ek de motivaasje fergruttet. As de buddy's deselde thústaal hawwe, kinne sy inoar helpe om dy taal te keppeljen oan de skoaltaal.

As learkrêften op sa'n ynteraktive wize foarlêze, wurde bern oanmoedige om aktyf diel te nimmen, wat liedt ta sinfolle en wiidweidige petearen. Dielnimme oan dy petearen is goed foar de taalûntwikkeling, kennis en redenearefeardichheden fan bern.

As bern bygelyks útlizze wêrom't eat yn it ferhaal bard is of oplossingen foar in probleem foarstelle, litte sy sawol harren redenearefermogen as harren learproses sjen.

Lêze as is it in petear wurket goed omdat de folwoeksene en it bern yn 'e ynteraksje as gelikens beskôge wurde – it boek is de boarne dy't de úteinlike útlis bepaalt, dus de ideeën fan bern wurde besprutsen as mooglikheden yn stee fan beoardiele as goed of fout. Unthâld dat de dielname fan bern net allinnich ferbaal is. Harkje, observearje en non-ferbale aksjes dy't diel útmeitsje fan it petear betsjutte noch altyd dat sy aktyf belutsen binne.

Ynklusive boeken en lêspraktiken

As jo foarlêze oan in groep mei ferskate talen, is it belangryk om te ûnthâlden dat net alle bern deselde ûnderfiningen of kânsen hawwe as it giet om it lêzen te learen.

TOP TIP!

Meitsje ferhaletaskes

Folje in taske mei ien of mear printeboeken en wat lyts boartersguod of foarwerpen dy't mei it tema fan it boek te krijen hawwe. Bern kinne dy foarwerpen brûke om ûnder it boartsjen harren eigen ferhalen te betinken en de ynhâld fan de ferhalen better te begripen troch dy te ferbinen oan harren eigen ûnderfiningen. Doch der in briefke by foar âlden/fersoargers. Bern kinne de taskes ruilje as sy it boek út hawwe.

Yn **The Storytime Project**, leare âlden ynteraktive lêsstrategyen dy't sy thús tapasse kinne. It is in fiif wiken duorjend programma foar skriftlike taalfeardigens fan 'e famylje dat organisearre wurdt troch lokale biblioteken yn gearwurking mei it Marino Institute of Education en it Northside Partnership yn Dublin, Ierlân.

Húshâldingen nimme boeken mei nei hûs en krije wykliks stipe. Dêrtroch ûntwikkelje bern harren mûnlinge taalfeardigens en wurdskat, krije âlden mear fertrouwen om mei harren bern te lêzen en wurdt de bân tusken húshâldingen en harren pleatslike biblioteek fersterke. It projekt moediget âlden oan om ek nei ôfrin fan it programma meimekoar te lêzen. Dêrby wurdt de fuortgong oan it ein fierd mei in diploma-útrikking.

Dr. Joan Kiely's wurk leit de klam op 'e krêft fan ynteraktyf lêzen. Dêrby lêze folwoeksenen mei harren bern, lêze sy it op 'e nij, prate sy oer it ferhaal en ferbine sy it ferhaal mei it libben fan harren bern yn stee fan allinnich mar foar te lêzen. It doel fan ynteraktyf lêzen is dat it bern úteinlik de rol as (sabeare) lêzer oernimt en it ferhaal oan de folwoeksene fertelt, sadat de dynamyk feroaret. Kiely's ûndersyk yn **The Storytime Project**, dat útfierd wurdt troch lokale biblioteken, lit sjen hoe't dy ynteraktive oanpak fan foarlêzen bern helpt by it ûntwikkeljen fan taalfeardigens.

C

Completion prompts - it bern wurdt frege om sinnen út bekende boeken **ôf te meitsjen**.

"De trije lytse barchjes gongen fuort fan hûs en de wrâld yn om harren eigen h__ te bouwen."

R

Recall prompts - it bern wurdt frege **wat der bard is** yn it ferhaal dat al lêzen is.

"Hat de wolf de barchjes opiten?"

O

Open-ended prompts - iepen fragen oer de ôfbylding en it ferhaal.

"Ik freegje my ôf wat de wolf tinkt op dit plaatsje?"

W

What, when, where, and why prompts - fragen foar bern oer 'wat', 'wannear', 'wêr', en wêrom.

"Wat docht de wolf op it dak fan it hûs fan bakstien?"

D

Distancing prompts - it bern wurdt frege it ferhaal te **ferbinen** mei situaasjes yn harren eigen libben.

"Sjoch ris nei it barchje dat sa bang fuortrint. Hasto wol ris bang west?"

Wisto dat?

In meartalige blik op it Baskysk

- It Baskysk, yn it Baskysk *Euskara* neamd, is in fassinearjende taal. It is de âldste taal fan Europa.
- Taalkundich sjoen is it oars as alle oare talen yn Europa. Der is noch altyd net in soad bekend oer de komôf!
- Baskysk wurdt praat yn it Baskelân, in regio yn it noarden fan Spanje en it súdwesten fan Frankryk.
- Yn 'e Autonome Mienskip Baskelân yn it noarden fan Spanje prate krekt wat mear as 800.000 minsken floeiend Baskysk. Der binne krekt wat mear as 430.000 passive sprekkers fan it Baskysk yn 'e regio. Dat binne minsken dy't de taal begripe, mar muoite hawwe om it te praten.
- OUJB spilet in wichtige rol yn 'e refitalisearring en oerdracht fan de Baskyske taal. Dêrby wurdt ûnderdompeling yn it Baskysk yn edukaasje foar jonge bern hieltyd populêrder.
- Yn 'e stêd Donostia/San Sebastian stipet in Sintrale Bernebiblioteek de taalfeardigens fan bern op alderhande manieren: troch it promoatsjen fan berneliteratuer yn't Baskysk, Spaansk en gâns oare talen, troch it bewarjen en promoatsjen fan Baskyske fertellingen en troch âlden tagong te bieden ta in skat oan ynformaasje.



Fertsjintwurdiging docht derta

Meartalige bern komme net altyd foar yn 'e boeken dy't sy lêze. Idealiter soene alle bern harsels werkenne kinne moatte en de wrâld ûntdekke kinne moatte yn 'e literatuer dy't foar harren beskikber is. As bern fan kleur harren bygelyks net identifisearje kinne mei personaazjes, kin dat in negative ynfloed hawwe op harren selsfertrouwen en harren wille yn lêzen ferminderje. Ut ûndersyk docht bliken dat meartalige bern soms mear non-ferbale stipe krije fan it personiel, wylst ientalige bern mear ferbale stipe krije. It komt frij faak foar dat meiwurkers bern ûntmoedigje om oare talen te brûken as de haadtaal dy't op skoalle praat wurdt, yn stee fan al it taalgebrûk yn 'e klasse oan te moedigjen.

Soargje foar lykweardige dielname

- Troch foar, ûnder en nei de haadlêsaktiviteit fleksibele taalaktiviteiten te brûken (lykas prate oer it ferhaal yn 'e iene taal en dêrnei it lêzen of nei in audioferzje harkje yn in oare taal), kinne meartalige bern de tekst better begripe.
- Folwoeksenen yn 'e klasse kinne derfoar soargje dat alle talen lykweardich behannele wurde by soksoarte aktiviteiten om ûngelikense partisipaasjenivo's foar te kommen.
- It kin nuttich wêze om fysike foarwerpen (lykas ballen, pittesekken, papieren huodsjes ensfh.) te brûken dy't wichtige ûnderdielen fan it ferhaal foarstelle en om parten fan it ferhaal út te byldzjen, njonken it foarlêzen fan it ferhaal.

Neffens ûndersyk fan professor Roel van Steensel spylje âlden in tige wichtige rol by it kreëarjen fan in stimulearjende lêsomjouwing en it stypjen fan de motivaasje fan in bern om te lêzen.

It is net genôch om allinnich mar boeken yn 'e hûs te hawwen. De kwaliteit fan de ynteraksje is wat telt! Syn ûndersyk wiist ús op it belang fan de thúsomjouwing foar taalfeardigens en moediget ûnderwizers en âlden oan om gear te wurkjen.



TOP TIP!

De webside [Global Storybooks](https://globalstorybooks.net) befettet fergees yllustrearre ferhalen yn tsientallen ferskate talen fan oer de hiele wrâld: globalstorybooks.net. De ferhalen kinne lêzen, foarlêzen en download wurde.



Read with MEE
irakurketa eleaniztun goiztiarra

Wichtige ideeën: Lêze en skriuwe yn 'e iere learfaze



Basisprinsipes fan iere taalûntwikkeling

Jonge bern begjinne mei harren lê- en skriuwfeardigens troch nei skreaune wurden yn harren deistige omjouwing te sjen en dêrmei te boartsjen.

- De ynkommensklasse fan in húshâlding kin fan ynfloed wêze op 'e ferwachtingen fan in learkrêft oangeande de belutsenens fan âlden.
- De iere ûntwikkeling fan skriftlike taalfeardigens ferrint fan ienfâldich krassen nei it brûken fan symboalen dy't op letters lykje. Petearen oer sokke iere skriuwaktiviteiten stypje harren ûntwikkeling.
- Hoewol't bern dy't ien taal prate en bern dy't meardere talen prate op ferlykbere wize lêzen en skriuwen leare, kin de status fan harren thústaal yn ferliking mei de skoaltaal fan ynfloed wêze op harren learûnderfining.
- Om elk bern te stypjen, is it wichtich om alle manieren hoe't bern bûten skoalle mei skreaune wurden omgean te werkennen en te brûken, net allinnich by lessen en oefeningen op skoalle.

Digitale helpmiddels binne handich om iere taalûntwikkeling te stimulearjen

- Digitale boeken en apps kinne mei harren ynteraktive en fisuele funksjes de oandacht fan bern goed fêsthâlde, harren helpe om nije wurden te learen en harren tekstbegryp ferbetterje.
- Hoewol't digitale boeken en audioboeken handich binne om de útspraak hearre te litten, binne dy gjin ferfanging foar de ynteraktive ûnderfining fan it lêzen mei in folwoeksene.
- Ynteraktyf foarlêzen, dêr't folwoeksenen bern aktyf by belûke troch fragen en diskusjes, is tige befoarderlik foar de ûntwikkeling fan taalfeardigens en begryp.
- Brûk strategyen lykas it stellen fan iepen fragen, it folgjen fan de ynteresses fan it bern en it oanmoedigjen om it ferhaal te ferbinen mei harren eigen libben. Dat allegearre stimulearret it aktive dielnimmen fan it bern oan de lêsaktyviteit.

Ynklusive praktiken



Yn meartalige klaslokalen soargje ynklusive praktiken derfoar dat alle bern harren fertsjintwurdige fiele en in earlike kâns krije om diel te nimmen.

- **In rige fleksibele taalaktiviteiten kin helpe om de ôfstân tusken de thústaal fan in bern en de skoaltaal te ferminderjen. Dat kin harren algemiene taalfeardigens te'n goede komme.**
- **Dy aktiviteiten kinne bestean út digitale helpmiddels of audioboeken, twatalige lêsböeken, printeboeken dy't neispile wurde kinne en it brûken fan fysike foarwerpen by it foarlêzen.**
- **Alden belûke by it lêzen yn 'e thústaal of buddy-lêze (bern tegearre lêze litte) binne geweldige manieren om de thústaal fan in bern te yntegrearjen yn 'e lêsoefeningen.**

Wisto dat?

In meartalige blik op it Frysk

- Fryslân is in libben foarbyld fan in meartalige regio. Mei yn totaal sa'n 660.000 ynwenners hat mear as de helte (61%) fan de ynwenners fan Fryslân it Frysk as earste taal of dielde earste taal. It Frysk is in minderheidstaal dy't njonken it Nederlânsk erkend wurdt as ien fan de twa offisjele talen fan de provinsje.
- Nijsgjirrich genôch is it Frysk benammen in sprutsen taal. Hoewol't 90% fan de ynwenners fan Fryslân de taal maklik begrypt en 64% it prate kin, kin mar 19% it goed lêze.
- Njonken it Frysk binne der ek oare taalfarianten oanwêzich yn 'e regio, lykas it Stedsfrysk dat yn 'e steden praat wurdt, mar ek it Biltsk en it Stellingwerfsk, dy't beide yn spesifike parten fan de provinsje praat wurde. Yn kombinaasje mei alle ferskate thústalen dy't bern yn Fryslân prate, is superferskaat in fêststeand feit yn 'e klasselokalen fan de provinsje.
- Hoewol't in soad minsken harren hjir net bewust fan binne, makket it Frysk ek diel út fan in taalfamylje en hat it twa neiste sibben! Dêrom wurdt it Frysk ek wol West-Frysk neamd, om it te ûnderskieden fan de twa talen dy't yn Dútslân praat wurde. Noard-Frysk wurdt yn 'e buert fan de grins mei Denemarken troch sa'n 10.000 minsken praat. Sealterfrysk is de iennichste fariant fan it East-Frysk dy't hjoed-de-dei noch brûkt wurdt en troch sa'n 2.200 minsken praat wurdt.



Praktyske wizen om skriftlike taalfeardigens en lêzen te stypjen

Stappen om bern, benammen meartalige bern, te stypjen by it lêzen en skriuwen

1. Alle talen erkenne en ferwolkomje

- Besykje by it beoardieljen fan de iere lês- en skriuwfeardigens fan in bern te sjen nei syn of har feardichheden yn alle talen, net allinne yn 'e fiertaal op skoalle. Do kinst de âlden/fersoargers freegje:
 - hokker talen oft it bern thús brûkt
 - mei watfoar soarte fan boeken, ferskes of ferhalen it bern harren yn elke taal dwaande hâldt
 - oft it bern ynteresse toant yn letters, klanken of skriuwen yn ien fan syn/har talen, en wat syn/har foarkarren binne as it giet om taalaktiviteiten.
 - Kies ynklusive boeken mei personaazjes dy't lykje op 'e bern yn dyn klasse. Soks helpt negative effekten op harren lêsmotivaasje en selsfertrouwen foar te kommen.
 - Sykje by it kiezen fan boeken nei twatalige teksten, brûk oersettingen of set it ferhaal oer mei de bern.
 - Kies boeken dy't oanslute by de ynteresses, freonen, thústalen en unike identiteit fan bern. Kies boeken dy't harren spesjaal fiele litte!
-

2. Meitsje lêzen ynteraktyf en ynklusyf

- Stimulearje djipgeande petearen oer boeken troch iepen fragen te stellen, te werheljen wat bern sizze en harren antwurden út te wreidzjen.
- Moedigje bern oan om al harren kommunikaasjemiddels te brûken, lykas gebaren, bewegingen, tekeningen en harren thústaal.
- Akseptearje bydragen as mooglikheden yn stee fan dy te beoardieljen as goed of fout. Brûk bygelyks it boek om it definitive antwurd te jaan yn stee fan de ideen fan it bern f te wizen.
- Erken en befêstigje alle ynteraksje, ferbaal en non-ferbaal, en folgje de ynteresse fan it bern om it petear te stjoeren.

- Jou fisuele (non-ferbale) ynformaasje tagelyk mei ferbale ynformaasje, yn stee fan dêrnei, om bern te helpen by it ferwurkjen dêrfan.
 - Lit bern yn twatallen tegearre teksten lêze (buddy-lêze). Sa kinne sy inoar helpe om te begripen wat sy lêze.
-

3. Stypje taalûntwikkeling

- Fokus op dúdlike taalmodellearring: brûk dúdlike útspraak, werhelje, formulearje it op 'e nij en wreidzje út wat bern sizze.
 - Jou op in freonlike wize korrizjearjende feedback: brûk techniken lykas it antwurd op 'e nij en korrekt formulearje of simpelwei in sin nei in oare taal oersetse as it mooglik is.
-

4. By it brûken fan digitale helpmiddels

- Hâld groepen lyts (twa of trije bern ast apps brûkst, sadat elkenien it skerm sjen kin en aktyf dielnimme kin.
 - Set, as it kin, bern dy't deselde taal prate yn deselde groep, sadat sy inoar helpe kinne om de tekst te begripen.
 - Besprek digitale teksten foar, ûnder en nei it lêzen, krekt sa ast dat mei in papieren boek dwaan soest.
 - Ast digitale boeken brûkst, soargje der dan foar dat multymediafunksjes net ôfliede fan it ferhaal. Jou bern de mooglikheid om lûdseffekten út te skeakeljen of it folume derfan oan te passen as dat nedich is.
 - Jou mar in pear kear per boek de definysje fan drege wurden en lit dy automatysk ferskine yn it ferhaal.
-

5. Belûk âlden en fersoargers

- Nûgje âlden en fersoargers út om ferhalen yn ferskate talen foar te lêzen en deroer te praten mei de klasse.
 - Behannelje âlden as folweardige partners troch harren te fertrouwen dat sy harren eigen effektive metoaden foar harren bern diele.
 - Bring de thússituaasje yn 'e klasse troch âlden en famyljeleden te freegjen om suggestjes foar boeken om foar te lêzen.
-

Profesjonele ûntwikkeling foar meiwurkers yn 'e iere learfaze



Profesjonele oplieding en ûntwikkeling kinne de kwaliteit fan it ûnderwiis yn 'e iere learfaze gâns ferbetterje.

Dit part fan it hânboek besprekt wichtige ûndersyksresultaten dy't relevant binne foar OUJB-meiwurkers.

It rjochtet him op meartaligens en skriftlike taalfeardigens yn learomjouwings foar de iere learfaze.

Meartaligens

Profesjonele ûntwikkeling rjochte op meartaligens kin meiwurkers nije kennis bybringe oer ûnderwerpen as hoe't bern mei mear as ien taal leare en dy talen brûke, hoe't talen stypjend en fleksibel ynset wurde kinne yn 'e klasse, en hoe't it twatalige/meartalige brein wurket. Meiwurkers kinne dêrnei nije meartalige praktiken ûntwerpe en ymplementearje yn harren klaslokalen. Sy kinne dy nije praktiken beprate en evaluearje mei harren kollega's of de organisatoaren by groeps- of yndividuele byienkomsten.

Undersyk wiist út dat learkrêften dy't oan sokke programma's meidogge:

- Mear meartalige praktiken yn 'e klasse brûke.
- In positivere hâlding oangeande meartaligens ûntwikkelje, wat op syn beurt de hâlding fan âlden en bern beynfloedet.
- Bern yn harren klasse hawwe dy't in ferbettere bewustwêzen oantoane fan hoe't taal wurket.

Profesjonele ûntwikkeling kin ek op skoalnivo plakfine. Skoallen kinne bygelyks lid wurde fan it Language Friendly School netwurk en in taalplan opstelle dat ôfstimd is op harren spesifike behoeften.

Mear ynformaasje is te finen op <https://languagefriendlyschool.org>

De útdaging om gewoanten te feroarjen

It kin dreech wêze om nije metoaden folslein oer te nimmen, sels nei in training. Alle OUJB-meiwurkers yn it ûnderwiis yn 'e iere learfaze hawwe tiid, stipe en gearwurking nedich om nije wurkwizen te learen en dy nije praktiken harren eigen te meitsjen.



Training yn skriftlike taalfeardigens

De struktuer fan profesjonele ûntwikkelingsprogramma's dy't rjochte binne op skriftlike taalfeardigens is faak ferlykber mei training yn meartaligens, mar de fokus leit op it stypjen fan de lês- en skriuwûntwikkeling fan jonge bern.

Wichtige ûnderwerpen om kennis oer iere skriftlike taalfeardigens te ûntwikkeljen binne ûnder mear:

- Hoe't bern harren wurdskat ûntwikkelje en útwreidzje
- De klanken fan taal
- Kennis fan letters en printe wurden, hoe't sinnen opboud wurde
- Hoe't de ynteresse, belutsenens en de wille fan bern by lês- en skriuwaktiviteiten behâlden wurde kin

Training hat in positive ynfloed op it gedrach fan learkrêften yn 'e klasse by lês- en skriuwaktiviteiten, bygelyks hoe't learkrêften taal modellearje kinne, feedback fan in hege kwaliteit jaan kinne en bern de kâns biede kinne om selsstannich by te dragen oan diskusjes. Guon suksesfolle programma's wurkje bewust gear mei âlden. Dat stimulearret it brûken fan materiaal om lêzen en skriuwen sawol op skoalle as thús te stypjen, en kin ek de kommunikaasje fan âlden ferbetterje mei harren bern en de skoalle.

By it plannen fan personielsûntwikkeling is it essinsjeel om te ûnthâlden dat it tiid kostet foar professionals om nije kennis folslein te ferwurkjen en harren deistige wurkwize oan te passen. Training moat genôch tiid biede om feroaringen troch te fieren.



Bliuwende feroaringen trochfiere

Wichtige tips foar effektive trainingsprogramma's foar OUJB-professionals:

- **Bied langduorjende stipe.** Training mei net mar ien kear plakhawwe. Soargje foar profesjonele ûntwikkeling foar in langere perioade, sadat learkrêften genôch tiid hawwe om nije kennis op te dwaan en nije benaderingen mei fertrouwen yn praktyk te bringen.
- **Meitsje op 'e praktyk rjochte trainingen dêr't yn gearwurke wurdt.** Moedigje learkrêften oan om gear te wurkjen, harren te rjochtsjen op praktyske aksjes en om fragen of problemen dy't sy tsjinkomme te ûndersykjen.
- **Oerwaach om fideo's te brûken foar refleksje.** It wurket hiel goed om aktiviteiten op te nimmen om sa efterôf reflektearje te kinnen. Troch dy opnamen te bepraten, kinne learkrêften sjen hoe't oaren wurkje, fêststelle hokker strategyen oft effektyf binne en dy ideeën oanpasse foar harren eigen klasse.
- **Oefenje mei it jaan en ûntfangen fan feedback.** Om nije benaderingen fan lesmetoaden te ûntwikkeljen, kinsto ûnder de training aktiviteiten fuort útprobearje. Nim coaching en it jaan fan feedback foar inoar op yn 'e training.
- **Belûk famyljes en de mienskip.** Nûgje de famyljes fan de bern en leden fan de mienskip út om diel te nimmen oan it proses, ôfhinklik fan wat de skoalle en it personeel nedich hawwe. Sa kinne learkrêften streekrjocht yn kontakt komme mei âlden en fersoargers en in better ynsjoch krije yn harren wearden, oertsjûgingen en hâlding oangeande thústalen, learen en de ûntwikkeling fan skriftlike taalfeardigens.

Lear fan oaren

Ien fan 'e bêste manieren om nije wurkwizen te ûntwikkeljen, is troch fan oaren te learen. Guon fan de ûndersteane foarbylden kinne nuttich wêze om te ferkennen en oan te passen oan dyn eigen kontekst.

Lês-mar-foar-wiken

Dit is in jierlikse kampanje om it foarlêzen oan beukers yn Fryslân te stimulearjen. Alle jierren wurdt der in nij boek oer it personaasje Tomke, en sûnt 2026 oer de beukers Tys en Teske, skreaun, mei ferhalen, ferskes en gedichten, yn it Frysk en mei oersettings yn oare streektalen. It boek wurdt nei alle beukerskoallen yn Fryslân stjoerd en der wurdt spesjaal omtinken jûn oan meimekoar lêzen.

De Fryske Berneboeke-ambassadeur promoatet berneboeken en it lêzen op skoallen, yn biblioteken en op eveneminten yn hiel Fryslân. Hy/sy wurket gear mei de Nederlânske berneboekambassadeur, mar besteget spesjaal omtinken oan de meartalige situaasje yn Fryslân. Ferskate oare lannen yn Europa hawwe ek harren eigen boekambassadeur.

Helpmiddels en aktiviteiten



De goede boeken kieze om meartalige skriftlike taalfeardigens by jonge bern te stypjen

It kiezen fan de goede boeken foar jonge bern kin oerweldigjend wêze, foaral mei safolle moaie titels yn 'e boekhannel. Dizze checklist is bedoeld om meiwurkers yn iere learomjouwingen, âlden en fersoargers te helpen om bewust te kiezen foar boeken/middels dy't de iere ûntwikkeling fan taalûntwikkeling stypje.

Asto no in ferhaal sikest foar in groepsaktiviteit of in favoryt boek foar it sliepengean, dizze suggestjes helpe dy by it finen fan boeken dy't nijsgjirrigens opwekke, taalfeardigens fersterkje en soargje foar noflikke lêzerfaringen. Brûk de checklist as flugge referinsje om in boek te kiezen. Sa kin elk boek datsto foarlêst bydrage oan de basis fan in libbenslange leafde foar it lêzen.

It Read With MEE-team hat dizze checklist gearstald yn oerlis mei in breed skala oan OUJB-professionals, ûndersikers, âlden en famyljeleden út it Baskelân, Ierlân en Fryslân.



1. Taal en literêre kenmerken

Taalkwaliteit

- Boeken moatte korrekte grammatika, wurdskat en stavering brûke. As der in dialekt of in oare taalfariant brûkt wurdt, moat dat autentyk en korrekt wêze en net allinnich in oersetting of transliteraasje.
- Teksten dy't eksplisyt it learen stypje (fonetyk, letters/klanken, wurdskat, sosjale konsepten).

Literêre kwaliteit

- Boeken binne net samar teksten, it binne literêre produksjes. Heechwaardige teksten lûke de oandacht fan bern: rym en werhelling helpe begjinnende lêzers, wylst rike ideeën en goed opboude ferhalen de ferbylding prikkelje.

Kwaliteit fan 'e oersetting en autentisiteit (foar twatalige/meartalige boeken)

- Goede oersettingen lêze natoerlik, net wurd foar wurd. Idealiter wurde lokale stimmen belutsen, sadat it ferhaal foar alle fertsjintwurdige kultueren autentyk oanfielt.
- Der is in lykwicht tusken de talen (foar twatalige/meartalige boeken).
- Beide of alle talen moatte likefolle gewicht hawwe. As ien taal minimalisearre wurdt, kinne bern it gefoel krije dat harren taal minder weardefol is.

Taalkundige geskiktheid

- It taalnivo moat oanslute by de leeftiid en feardigheden fan bern: bekende wurden foar begjanners, kompleksere struktueren foar wannear't harren feardichheden tanimme.
- Tagonklikheid fan wurdskat en grammatika: deistige, brûkbere wurdskat hâldt bern belutsen; mij ûngebrûklike of seldsume wurden dy't betizing feroarsaakje en just net helpe.
- Tekstkompleksiteit en lêsbereens: sinslingte en wurdskat dy't past by de ûntwikkeling; werhelling en foarsisberens jouwe fertrouwen by it lêzen.
- Rike wurdskat en konseptuele djipgong: bern hawwe baat by nije nijsgjirrige wurden en ideeën dy't fierder gean as deistige petearen.
- Sjenreferskaat: troch bleatstelling oan ferskate sjenres (ferhalen, gedichten, ferskes, non-fiksje) leare bern ferskate wizen om taal te brûken.

2. Ynhâld

Geskikt foar de leeftiid

- De ynhâld moat passe by de folwoeksenheid en it begryp fan bern: wat spannend is foar in 6-jierrige, kin in 10-jierrige ferfele.

Relevansje fan it tema/ûnderwerp

- Underwerpen dy 't bern oansprekke, relevant binne foar ferskate kultueren en gaadlik binne foar twatalige/meartalige konteksten.
- Ferbân mei it libben fan bern: boeken dy't ûnderfinings mei famylje, freonen of de mienskip wjerspegelje, helpe bern om lêzen te ferbinen mei it echte libben.
- Kulturele relevânsje en autentisiteit: ferhalen moatte de kultuer fan bern op in respektfolle wize wjerspegelje, sûnder stereotypen of skynynklusy.

Identiteit & fertsjintwurdiging

- Befêstiging fan de identiteit fan bern op in respektfolle wize. Dêrby wurde stereotypen en skynynklusy mijd.
- Boeken moatte net allinne rjochte wêze op erfgoed of 'eksoatyske' ferhalen. Deistige ûnderwerpen, wittenskip en wrâldboargerskip binne like wichtich.

- Ferhalen dy't ferbûnens, empathy, freonskip, respekt en rjochtfearidichheid stypje.
- Boeken dy't meartaligens, ynklúzje en ko-eksistinsje beklamje, riede bern ta op it meimekoar libjen mei oaren.
- Ferhalen dy't ferbân hâlde mei ûnderwerpen of domeinen út de omjouwing (famylje, húsdieren, freonen ...)
- Leuke en boartlike ferhalen soargje derfoar dat bern lêze wolle, wat de bêste motivaasje is foar skriftlike taalfeardigens.

3. Untwerp en tagonklikens

Yllustraasjes & fisuele stipe:

- Dúdlike, boeiende, kultuergefoelige yllustraasjes dy't it begryp stypje. Dy binne boeiend, net ôfliedend of dekoratyf. Foarbylden binne onomatopeeën, fisuele oanwizingen en karakterûntwikkeling troch de yllustraasjes yn it boek.

Lêsberens fan de tekst:

- Let derop dat elke side in beheind oantal tekstrigels hat. Dat soarget foar bettere lêsberens. Tefolle tekst op in side ûntmoediget jonge lêzers. Koarte passazjes yn kombinaasje mei yllustraasjes binne makliker te ferwurkjen.

Typografy & lay-out (foar twatalige/meartalige boeken):

- Beide talen moatte lykweardich werjûn wurde, mei dúdlike lettertypen en spasjearring. Fisuele klam (fetprinte, kursyf, haadletters) moat de betsjutting stypje en mei net ôfliede.

Foarm & duorsumens:

- Foarmen dy't geskikt binne foar de leeftiid (kartonnen boekjes, printeboeken); stevich foar jonge bern
- Oerwaach boeken te brûken fan in grut formaat yn ûnderwiis foar de iere learfaze. Dy binne makliker om meimekoar te lêzen. Utjouwers fan bekende berneboeken biede sokke grute boeken faak oan. Bern kinne lytsere farianten fan sa'n boek dy't sy mei oaren lêze mei nei hús nimme.

Betelberens & beskikberens:

- In goed boek is allinnich nuttich as bern en learkrêften der tagong ta hawwe — sykje nei lokaal te krijen, betelbere en tagonklike boeken yn printe/digitale/audiofoarm.

Brûkberens yn ferskate situaasjes:

- Boeken dy't thús lêzen wurde kinne, mar ek foarlêzen wurde kinne yn 'e klasse of yn lytse groepkes. Dy binne dêrtroch alsidige learmiddels.

Geskikt foar de mienskip:

- Oerwaach boeken en útgjowers dy't oanslute by de lokale taalpraktiken, it belied en de tradysjes op it mêd fan taalûntwikkeling.
- Boeken dy't troch de lokale mienskip skreaun of dêrmei produsearre binne, binne meastal duorsumer, passe better by de kontekst en binne betelberder; sy fersterkje de kapasiteit fan skriuwers/yllustratoaren yn minderheidstalen.

Wisto dat?

Fan alle talen op 'e wrâld wurdt 44% as bedrige beskôge.

It meastepart fan dy bedrige talen binne minderheidstalen en lânseigen talen. Talen wurde as stabyl beskôge as de bern yn 'e taalmienskip de taal noch altyd leare en brûke. As dy situaasje feroaret, gean talen meastal efterút oant sy bedrige binne en dêrnei it risiko rinne om út te stjerren.

Jonge bern helpe mei it lêzen betsjut net allinnich letters en wurden oanleare.

It stimulearret nijsgjirrigens, fersterket harsenferbiningen en befoarderet taalfeardigens dy't in libben lang meigeane. Iere lê sûnderfining befoarderet ek empathy, ferbyldingskrêft en selsfertrouwen.

Bern dy't harren memmetaal goed behearskje, leare in twadde taal ornaris better en flugger as bern waans thústaal fergetten wurdt.

Troch bern sawol yn harren memmetaal as yn 'e skoaltaal lêze te litten, wurde harren learproses, selsfertrouwen en identiteit stimulearre. Dêrtroch kinne meartalige bern harren yn alle talen goed ûntwikkelje.

Hânboek-YNK

De ynklusive ûntwikkeling fan mearfâldige skriftlike taalfeardigens fan it jonge bern

Dit hânboek, ûntwikkele troch it Read With MEE projekt, is in praktyske, op ûndersyk basearre gids dy't ûntwurpen is om de taal- en lêsefeardigens fan jonge bern te stypjen. It is skreaun yn **ienfâldige, tagonklike taal** en bondelet de nijste ynsichten út ûndersyk op it mêd fan taalfeardigens, taalkundich ferskaat en meartaligens. Dêrtroch binne komplekse befinings maklik te begripen en ta te passen.

Dit hânboek is perfekt foar **learkrêften yn 'e iere learfaze, âlden, fersoargers en elkenien dy't ynteressearre is yn it gebiet fan opfang en ûnderwiis foar jonge bern**. It biedt dúdlike rjochtlinen foar de bêste wizen om mearfâldige skriftlike taalfeardigens te befoarderjen en bern te helpen om **lêzen te sjen as in superkrêft**. Dêrtroch ûntwikkelje sy selsfertrouwen, nijsgjirrigens en it fermogen om harren te ferbinen mei meardere talen en kultueren. It is basearre op ûndersyk en biedt lêzers tools en strategyen dy't alle dagen brûkt wurde kinne, sawol yn 'e klasse as thús.

Oer it projekt en de auteurs fan it hânboek:

Read with MEE (Read with Multilingual Early Education) is in trijejierrich Erasmus+ KA2gearwurkingsprojekt (2023 -2026) dat meifinansiere wurdt troch de Europeeske Uny en ta doel hat om de iere skriftlike taalfeardigens fan jonge meartalige bern te befoarderjen, benammen bern fan 2 oant 6 jier mei ferskate taalkundige eftergrûnen, wêrûnder nasjonale, regionale, migrante- en flechtlingeminderheden. It projekt rjochtet him op it feit dat meartalige bern faak te krijen hawwe mei ûngelikense ûnderwiiskânsen yn ferliking mei ientalige leeftiidsgenoaten. Dat docht Read with MEE troch lêsoanpakken te befoarderjen dy't alle talen fan in bern wurdearje en omfetsje, yn stee fan talen apart te behanneljen. It beklammet ynteraktyf en boeiend foarlêzen yn meartalige konteksten, dêr't in positive hâlding neffens taalkundich ferskaat en stipe fan thústalen by oanmoedige wurdt. Read with MEE bringt partners út Nederlân, België, Ierlân en Spanje bymeakoar en wurket gear mei professionals en saakkundigen om derfoar te soargjen dat de resultaten basearre binne op it nijste ûndersyk nei meartalige en iere ûntwikkeling fan skriftlike taalfeardigens. Read with MEE stribbet dernei om de kennis, feardichheden en praktiken yn 'e klasse en thús te fersterkjen dy't ynklusive en meartalige iere taalûntwikkeling yn hiel Europa stypje.

Laura Nap is dosint-ûndersiker út Ljouwert, ferbûn oan de NHL Stenden Hogeschool.

Doaa Abdul Hussain is dosint-ûndersiker út Ljouwert, ferbûn oan de NHL Stenden Hogeschool.

Kathleen McTiernan is in erkend psycholooch en universitêr dosint oan it Trinity College Dublin, de Universiteit fan Dublin, Ierlân.

Lorna Carson is heechlearaar tapaste taalkunde oan it Trinity College Dublin, de Universiteit fan Dublin, Ierlân.

